

FRYSKE AKADEMY

Ferslach Jierboekgearkomste 9 april 2022

Foarsitter Gosse van der Plaats iepent de gearkomste en hjit elkenien wolkom. 2020 wie de 70^{ste} jiergong fan it jierboek. Troch koroana koe der doe gjin omtinken oan jûn wurde. De redaksje hat wer in protte wurk ferset foar de jierboeken fan 2020 en 2021. It wurd is oan Ype Brouwers.

Jierboek 2020

Earst de presintaasje fan it jierboek 2020 troch Anne Hylke Lemstra. It earste artikel yn dit jierboek is de genealogy Koornstra. It artikel is skreaun troch de ferline jierferstoarne Andries Koornstra. It begjin fan de Koornstra's is Doeytze Hettes dy't om 1600 hinne yn Wurdum wennet.

It twadde artikel giet oer de Sevensma's fan Sleat. It begjint mei Pieter Sipkes Zevensma. De soan Sipke is kofskipper yn Sleat en is stoarn nei in skipbrek by Cherbourg op 24 desimber 1791.

Dan folget in bydrage fan Pieter Nieuwland mei as titel Ypkje. It giet oer Ipck Everts Heslinga en har neiteam.

Ype Brouwers hat in mânsk artikel skreaun oer de famyljes Lauswolt.

Yn Beetstersweach wennet om 1640 hinne in lekkenkeaper en doarpsrjochter Jan Jans de Jonge. Yn dyselde snuorje wennet der noch in Jan Jansen dy't him ek de Jonge neamt. Dizze lêste neamt him letter Madhuisen. De earste Jan Jans de Jonge is de stamheit fan de famylje Lauswolt fan Beetstersweach.

Sa as altyd wurdt it jierboek ôfsletten mei de wapenregistraasjes.

Jierboek 2021

It jierboek iepent mei de Parentele Gerrit Robberts Radijs troch Ida Verhaar.

Hja hat gebrûk meitsje kinnen fan wat de ferstoarne George Schepperle oer dizze famylje útsocht hat en de gegevens oanlevere troch Martin Engels en Tineke Hartman.

It is in famylje dy't gâns mannen fan namme levere hat: dûmnys; prokureurs by it Hôf fan Fryslân; sjirurgyns.

Hendrik Radijs wie apteker yn Hoogeveen. Dizze Hendrik Radijs spilet as Cristof Anijs een rol yn de roman *Publike Werken* fan Thomas Rosenboom.

Dan in der artikel oer Blom Hylpen fan de hân fan Jan de Vries. Dit is in ferfolch op in earder artikel.

Jan Borleffs hat in artikel skreaun oer *Het nageslacht van Hillebrand Croes uit Leeuwarden*.

De skriuwer hat ynternist en heechlearaar west yn Utert en Grins. Hy hat ek it nedige publisearre op it mêd fan de genealogy. De oanlieding foar dit artikel wie de berte fan syn bernsbarn Nina Elisabeth Kroes.

Hilbrand Croes en Wytske Johannes wennen yn e 18e iuw yn Ljouwert en hearden dêr by de lutherske tsjerke. Hy wie grif fan Dútske komôf.

Georg Lodewijk Kroes (Ljouwert 1831-Voorst 1898) hie as berop gerner 1858-1869 en wie fan 1869-1876 eigener fan de herberch Veld- en Waterzigt yn Berltsum.

Martijn Kroes (Ljouwert 1864-1934) wie winkelman yn Frjentsjer en Ljouwert en kocht frij wat ûnreplik guod.

Georg Lodewijk Kroes (Frjentsjer 1890- Doetinchem 1969) wie sjoernalist en letter learaar. Yn syn frije tiid wie hy ek dichter en skreau lieten.

Wêr kaam Hilbrand Croes wei? As er yn 1753 ynskreaun wurdt as lid fan de lutherske tsjerke yn Ljouwert, komt er fan Grins, mar yn Grins is er net te finen. Kaam er mooglik út Dútslân, krekt as de tsjûgen by de doop fan syn bern?

Wie der miskien in soan fan Hilbrandus Crous en Magarete Catharine Wils? De famylje Crous wie in Grinslanner famylje en kaam by har trouwen út Jemmingen yn EastFryslân. Mar yn Grinslân en Jemmingen is de gjin spoar fan it pear Crous-Wils te finen.

It lêste artikel foar de wapenregistraasjes is fan de hân fan Jan T. Anema en giet oer de famyljes Hibma. Piet Nieuwland ljochtet it artikel ta. De heit van Jan Taekele Anema hie in kertiersteat makke der't de famylje Hibma ek yn foarkaam. De Hibma's wiene mennist en hiene foar 1800 al de namme Hibma. It is de skriuwer slagge om alle Hibma's mei inoar te ferbinen.

Ta beslút wer de wapenregistraasjes taljochte troch Jelle Terluin.

It giet om wapen op sulver.

De nije wapens binne fan:

- Dijkman fan oarsprong út Andijk
- Poppinga, ynstjoerder wennet op de pleats Nij Walrich yn Beetstersweach
- Flagge foar de pleats Nij Walrich
- Sijbesma
- Van der Wijk, dit is in persoanlik wapen
- IJsselstein in rektifikaasje op it GJB 2008
- In doarpswapen en doarpsflagge fan it doarp Easterwâlde

Ype rikt it jierboek 2021 út oan de foarsitter Gosse van der Plaats en slút dermei it Jierboekdiel fan de gearkomste ôf.

Nei it omfregjen winsket de foarsitter elkenien wol thús en slút de gearkomste.

Rinse Spits (notulant)